

**DE
MUSEUM
MOARD**

**FERDINAND
DE JONG**

roman

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

© 2021 Ferdinand de Jong | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Barbara Jonkers

Foto auteur: Fotoshop Bekkema, Drachten

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 90 5615 893 4

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

PROLOECH

40 jier lyn

It wetter fan it kanaal tusken Oranjewâld en De Knipe is krekt in spegel. De loft boppe de landerijen fan Pauwenburg trillet noch fan de waarmte yn de iere jûn. It jonkje fytst de houten brêge oer en slacht rjochtsôf. Yn ien hân it stjoer fan syn oranje fytske, yn de oare in griene útskobere angel en in plestik tas. Nei in meter as fyftich stapt er ôf en set de fyts tsjin in hikkepeal. Hy eaget it kanaal oer, it liket dat der gjin oaren binne. Tefreden knikt er, gjin drokte. Hiel even tinkt er oan it jierdeifeestje fan in klasgenoatsje fan him, dêr't er no eins wêze moatten hie. Hy glimket en jout him del op it plakje dêr't er de reiden in dei as wat earder platslein hat. Hy rôlet it snoer fan it houten plankje en skoot de eleminten fan de angel út. Fiif meter lang, hy is der grutsk op, syn selsfertsjinne fiskark. Hy stekt in lyts stikje bôle yn de mûle en rôlet it mei de tonge tsjin it ferwulf ta in moai rûn boltsje en heakket it oan de lytse heak. Hy skoot de dôber krekt wat heger oan de tried en smyt mei soarch it hapke yn it wetter. Krekt achter in lyts pòltsje ielstikels. Der stiet net folle streaming, mar dochs driuwt de dôber hiel stadich nei de Knypster kant. It is suver perfekt waar om te fiskjen.

'Travelling in a fried-out Kombi, on a hippie trail, head full of zombie', klinkt it falsk oer it wetter. It jonkje skodhollet. Dolle Dries de patatbakker mei syn gettoblaster op it skouder docht syn rûntsje. It is sa stil dat er him fan in kilometer fier al hearre kin. De top-40-hits knalle fol gas út de lûdsprekkers en Dries hat as gewoante dat hy dêr dan noch wer boppe-út raze wol. Dêrby brûkt er leafst syn kopstim, it hat in soad fan

in fokaal duel tusken twa boarren dy't it rjocht op in maartske kat beffochtsje. Nei in minút as wat is it nûmer fan Men at Work dien en dimmet Dries syn kattegejank.

De dôber hipt sa no en dan wat op en del, mar trochbite sit der noch net yn. It jonkje krijt in sjempotsje út de plestik tas, hy hat de middeis in stik as wat wjirms út de bulte mei rûge dong sammele. As it mei bôle net wol, kin er it ek altyd noch mei wjirms besykje. Krekt as er beslút om dat te dwaan, is der beweging tusken de reiden. Flak foar him del swimt in ringslang yn de rjochting fan de houten brêge. It jonkje huveret, sa faak sjogge jo net in slang en it binne net syn favorite bisten. Soms lizze der yn de boskrâne njirren yn de sinne te bakken, mar dêr rint er leafst mei in bôge omhinne.

De dôber ferdwynt fan de iene op de oare tel ûnder wetter en it jonkje helle kalm in moaie reidfoarn omheech. In sintimeter as tweintich lang sil er wêze, mar dat fynt de jonge net fan belang. It is de kombinaasje fan it ûnferwachte fan wannear't de fisk happe sil en de fraach hokker soarte dat it fiskjen moai makket. Hy bekroadet him net om de foto's yn de krante fan snoeken dy't mear as in meter lang binne, dêr is syn angel ek net op berekkene. De foarn is kreas oanheakke, it kostet gjin muoite om it heakje los te meitsjen. Syn finnen binne moai read. Foarsichtich lit de jonge it perfekt streamline bist wer yn it wetter glide en mei in flugge slach fan syn sturt wurdt er wei yn it ljochtgriene kanaal. De jonge helle de hân efkes troch it wetter om de skobben en it slym fuort te spielen en drûget syn hannen oan de broek. In waarme weach fan wyn út it westen makket minyweachjes, it wetteroerflak liket wol op it rimpeljende fel fan in âldminske. Op it momint dat er it folgjende stikje bôle út de plestik tas krije sil, sjocht er yn de midden fan it kanaal wat driuwen. De leechsteande sinne soarget foar glinsteringen op de lytse weachjes. Hy giet stean en mei de hân tsjin de foarholle mikeret er yn de

sinne op. Hy kin net goed sjen wat it is. Hiel stadich driuwt it mei de stream mei yn de rjochting fan De Knipe. As it hast oan syn fiskplakje ta is, sjocht er dat it in holle mei hier is dy't boppe it wetter útkomt. Hy spat oerein, lit de angel út 'e hannen falle en docht in pear stappen achterút. Omdat er op it klinkertdykje by it kanaal lâns krekt wat heger stiet, falt it ljocht oars op it wetteroerflak. No sjocht er dat er in lichem oan de holle fêstsit, krekt ûnder it wetteroerflak. It gesicht is net te sjen, dat is nei de boaiem rjochte. Inkeld in plasse mei wiet piper-en-sâlt-kleurich hier. It jonkje sjocht nochris goed, op ien of oare wize fassinearret it him, hy is net benaud. Hy betinkt wat er no dwaan moat, der is hjir gjin sterveling, allinnich hy en de persoan dy't dêr yn it wetter leit. 'Ik moat nei hûs om it te fertellen,' mompelet er. Hy krijt syn fytske en sjit mei gong de houten brêge oer. Yn syn eachhoeke sjocht er wat en stoppet. In pear hûndert meter fierderop, by de Tuimelaarsbos, leit in identike houten brêge oer it kanaal en dêr stiet in fyts op. Der is fierder nimmen te sjen, ek gjin angel dy't oer it kanaal stekt dêr't in fisker by heart dy't tusken de reiden ferstoppe is. Neat. Inkeld de fyts as in stille tsjûge. It jonkje sjocht fan de fyts nei de holle mei hier. Der sit in pear hûndert meter tusken. It jonkje fytst sa hurd as er kin oer de hobbelige sânreed nei de pleats en betinkt dan pas dat syn angel noch by it kanaal leit.

Nei in lyts healoerke komt de brânwacht mei twa auto's de Marijkemuoiwei del. De plysje wie der al earder en safolle helptroepen soarget foar taskôgers. De minsken meie de sânreed net yn, de brânwacht wol rêstich syn wurk dwaan. De plysje kin net mei de auto oer de reed, de spoaren dy't de trekkers makke ha binne te djip. Inkeld de frachtwein fan de brânwacht kin mei muoite de reis meitsje. It jonkje en syn heit meie as iennichsten ek nei it kanaal. As se by

it fiskplakje oankomme, blykt dat it lichem al in moai stik fierder rjochting De Knipe dreaun is. De brânwachten lûke harren wettertichte pakken oan en stappe it kanaal yn. Se draaie it lichem foarsichtich om en konstatare dat it noch net lang yn it wetter lein hat. Dan lizze se it lyk op in oranje plestik bier en skowe it mei soarch de wâl op. It jonkje hat ûndertusken syn angel en plestik tas krigen. Hiel even kin er it gesicht fan de deade man sjen. ‘Laket dy man no?’ freget it jonkje. Ien fan de brânwachtmannen sjocht him oan en knikt.

‘Kom, wy geane nei hûs,’ seit syn heit dan. Se rinne de sânreed del, yn de fierte sjogge se harren reabûnte pinken dy’t nijsgjirrich yn it hoekje fan harren stik lân alle drokte observearje. ‘Bist no ek bot skrokken?’

It jonkje skodhollet. ‘It wie wol frjemd.’

Oan de oare kant fan de reed rydt in pikeur mei in hynder foar de sulky syn trainingsrûntsjes op de moai glêd sleepte baan. ‘Hoi!’ ropt er as er harren sjocht. Krekt as wie der neat bard.

1

40 jier letter

Konservator Anton Coulein glimt fan ear ta ear. It museum sjocht der prachtich út yn de hjerstsinne dy't de brune muorrepanielen in ekstra djiptheid liket te jaan. De fonteintsjes tusken it parkearplak en de yngong meitsje it ekstra feestlik. It espeltsje wite guozzen rint stadich en eigenwiis oer it gers. It is in perfekt plaatsje, mar dochs moat er noch even geduld ha. Pas in dei letter, as de sinne krekt ûndergiet, sille de earste gasten by de Prinsewyk del kuierje om by de iepening fan de nijste tentoanstelling oanwêzich te wêzen. En wat foar in tentoanstelling. Mei wat help fan ynfloedrike minsken yn de moderne keunst is hy deryn slagge om ien fan de meast fernijende skilders fan Europa nei it regionale museum yn Oranjewâld te krijen. 'Dit is in boppeslach dy't je as konservator mar ien of twa kear yn jo libben kinne meimeitsje,' sei Coulein tsjin Omrop Fryslân, dat ien dei foar de iepening al betiid in ferslachjouwer nei Oranjewâld stjoerd hie. As hikke en teine Flaming hat Coulein him it Frysk aardich eigen makke, mar de tiidwurden yn de goede folchoarder is noch wol in dinkje. De Fryske keunstscene jout dêr net folle om, de fiertaal is alles behalve Frysk en guon hippe himelbestoarmers út keunstsinnige Ljouwerter rûnten ha Coulein yn it genyp wolris de gek oanstutsen. Mar dat wolle se no wol even litte, want mei it ynheljen fan Paolo Lione hat er de hiele Nederlânske keunstwrâld stil krigen. De swijsume, nonsjallante en somtiden planút ûnfatsoenlike Italjaan mei dan yn de omgong eins in ûnmooglik stik fretten wêze, oer it artistike part is gjin inkelde twivel. Boppedat is hy totaal ûnfoarsisber

yn wat er docht, seit en as nijste wurk bringe sil en dat makket him ta ien fan de meast begerde skilders fan dizze tiid. 'Ik haw inkeld de keunstner hjirhinne helle, wat er tentoanstelle wol, is oan him, dêr haw ik my net mei wolle bemuoie,' sei Coulein.

De kranten yn Nederlân koenen der net oer út. Picasso, Monet, Mondriaan, Matisse en Andy Warhol, yn dat rychje past Lione thús. Syn wize fan skilderjen is frij fan dogma's en druk. Hy docht wat er wol en lûkt him nergens wat fan oan, krityk leit er njonken him del en as se him der neffens himsels te bot op oanfalle, flokt er harren de hûd fol. As grutte foarbyld foar himsels neamt Lione steefêst Bob Ross, de sympatike Amerikaanske lânskipsskilder. Neffens de keunstkenners docht er dat om syn kollega's te shockearjen, mar yn ien fan de seldsume besiten fan in sjoernalist oan syn hûs yn Súd-Tirol die bliken dat er in hiele keamer fol mei orizjinele wurken fan Bob Ross yn besit hat. 'It ultieme skilderij fan Ross haw ik net, dat is in foarbewurke doek, egaal oerskildere mei ien kleur,' sei Lione. 'Miskien moat ik dat sels nochris dwaan.' Njonken it skilderjen hat Lione ien hobby, sa as er sels sei yn in ynterview mei *Time Magazine*: 'Alle dagen oerlibje yn de wittenskip dat in opera meastal net goed ôfrint.'

'Yn Flaanderen sizze we dat er sa koppich as in stienezel is,' laket konservator Coulein oer dy útspraak. 'Mar wol realistysk oer wat der kin komme.' De ferslachjouwer wol noch in fraach stelle, mar Coulein is hastich. 'It spyt my, mar ik ha noch tûzen dingen te dwaan en ik moat daliks nei Hilversum om oer de tentoanstelling te praten.'

Ien fan de meiwurkers fan it museum komt mei de telefoan yn de hân nei Coulein ta. 'Hasto de waarfoarsizzing foar moarn sjoen, Anton?'

'Nee, hoesa? It is hooplik moai waar?'

'No, dat koe wolris ôffalle. Hurde wyn en rein, sjoch mar.'

Coulein bestudearret de waar-app en hellet de skouders op. 'It is net oars, wy sille it der mei moatte dwaan.' Hy sjocht op syn klokje, oer in oere sil er nei Schiphol om Paolo Lione op te heljen, dêrnei folget de opname fan it ynterview dat letter op de jûn yn Nieuwsuur te sjen wêze sil. Tegearre mei ien fan de grutste hjoeddeistige artysten op de nasjonale tv, it kin net op foar Anton Coulein. Hy sit wol wat yn oer de tentoanstelling, want Lione hat in wike lyn alles yn haadlinen delsetten sa as hy it ha woe. It personiel fan it museum hat nei bêste ynsjoch de skilderijen ophong, mar de lêste ynspeksje fan de tipelsinnige Italjaan moat jûn noch plakfine. Om eksakt 24 oeren foar de iepening om de omstannichheden sa goed mooglik te kopiearjen. Coulein hat fan hearren en sizzen dat Lione in misliksma wêze kin by dy finale ynspeksje en soms alles wat er earder sein hie om te kearen. De konservator hat al syn personiel jûn op standby stean om alle risiko's út te sluten. Yn de tarieding hat er mei de keunstskilder eins totaal gjin problemen hân, de wrede ferhalen fan syn kollega's oer it lompe gedrach fan Lione yn oare musea dêr't de Italjaan eksposearre hat, komme oant no ta totaal net oerien mei de ûnderfinings dy't Coulein mei him hat.

Noch ien kear rint Coulein troch de rjochterkant fan it museum, dat hielendal frijmakke is om de skilderijen fan Lione alle romte te jaan. De konservator glimt fan grutskens, neffens him sjocht alles der *picobello* út. Nei in bakje kofje en in sanitêre stop stapt er yn de auto en tikket de oankomsthal fan luchthaven Schiphol yn it navigaasje systeem yn. Eins wit er wol wêr't er delride moat, mar it jout in stikje rêst as der ûnderweis immen mei him meitinkt. As er by Almere is en de oaljefanten fan keunstner Tom Claassen oan de linkerhân stean sjocht, wurdt it drokker op de dyk. Hy knypt de eagen ticht, de sinne stiet sa yn 'e foarmiddei pal yn it suden en hy hat yn alle hastichheid syn sinnebril ferjitten. Oer de

A1 rjochting Diemen-Noord sjocht er IJburg lizzen en moat even gnize. Oeral om him hinne steane grutte gebouwen, mar de ynwenners fan IJburg fersette harren fûleinich tsjin wynmûnen dy't by harren yn de achtertún komme moatte. De Nederlânske lânsaard is foar in Belch soms mar min te folgjen. Nei in lyts stikje A10 en A4 sjocht er de earste fleantugen al yn de loft. Krekt foardat er yn de Schipholtunnel rydt, sjocht er in tastel mei de bekende grien, wyt en reade kleuren fan Alitalia op de sturt. It is ien fan de hurde ôfspraken dêr't Paolo Lione nea fan ôfwykt. As er net mei de nasjonale loftfeartmaatskippij fan Italië fleane kin, komt er net. Lokkich is dat op Schiphol gjin probleem.

In kertier neidat it fleantúch mei Paolo Lione de grûn rekke, stapt de Italjaan troch de automatyske doarren fan de oankomsthal. Mei syn iene hân stjoert er in rolkoffer, yn de oare hat er in mânsk plat objekt dat ynpakt is yn brún papier. Coulein hat syn auto eins rjocht foar de yngong parkeard en stekt de hân omheech. De keunstskilder sjocht him en knikt. Hy strielet yn alles Italjaanske klasse út. In kreas gesicht mei hjoed in stoppelburd fan in dei, in strak passend pak yn kleuren dy't by in oar op stront stean soenen, mar omdat er sa knap is, past it by Paolo Lione krekt as in âld jas. Mei flinke stappen panderet er nei de auto en tsjut dat syn hânbagaazje wol yn de koffer fan de auto kin. In groet kin der amper ôf. Mei soarch leit er it pakketsje op de achterbank en ploft dan op de byridersstoel del. 'Goede reis hân?' freget Coulein as er de auto yn beweging set.

'Ik haw in hekel oan fleanen,' seit Lione koart.

'Aha, okee. Dat wist ik net.'

'Eins haw ik in hekel oan reizgjen. Mar it moat soms wol.'

Coulein sjocht yn de spegel in pakket op de achterbank. 'Wat is dat, as ik freegje mei?'

Hiel even sjocht Lione nei syn sjauffeur. 'Dat sjochst aanst yn it museum wol,' bromt er.

'Spannend, earst mar nei Hilversum,' besiket Coulein it petear op gong te hâlden. Sa koart fan stof hat er de skilder noch net earder meimakke; de ferhalen fan syn kollega's blike dus dochs net betocht te wêzen. De Italjaan liket fan it iene op it oare momint fier fuort mei syn gedachten en stoaret rjocht foar him út op it asfalt dat ûnder harren troch glydt. Krekt as telt er de strepen op de A10.

'Hilversum?'

Coulein knikt. 'Dat hienen wy ferline wike dochs trochpraten? Dyn tentoanstelling is sa bysûnder dat se der op de lanlike tv oer prate wolle.'

'O, ja. Is ek sa. Mar dat sil net slagje, want ik wol no nei it museum,' seit Lione sûnder syn eagen fan de dyk te heljen.

Coulein skrikt en tinkt nei oer wat er no sizze moat. 'Ja, mar se wachtsje op ús...'

'Jammer dan. Ik moat myn wurk sjen,' seit Lione noartsk.

Coulein fielt dat er hjir net folle mear oan dwaan kin, hy krijt it der waarm fan. 'Dan moat ik se al even fertelle dat ús ôfspraak net trochgiet.'

'Se belje fansels. Ikwol gjin gejangkyn de auto oer bysaken.'

Coulein weaget syn opsjes, hy wit dat Lione samar beslute kin om de hiele saak ôf te blazen. Dat hat er mearde-re kearen dien as de omstannichheden him net noasken. In tv-optreden ôfsizze kin de saak ek nochris ekstra yn de belangstelling bringe, negative reklame is ek reklame. Coulein beslút om it net op de spits te driuwen en nimt op de A1 de ôfslach nei de A6, rjochting Almere. Op de buorden stiet dat je rjochtút moatte om yn Hilversum te kommen. Paolo Lione docht krekt as giet it him allegearre net oan en set in djoe-re, donkere sinnebril op 'e noas. As se de grutte oaljefanten

foarby binne, heart Coulein in piipjend lûd en sjocht dat de holle fan de keunstner foaroer op it boarst sakke is. Hy sliept.

Nei in oere set Coulein de auto foar de doar fan it museum del. Op de tagongswei fan De Knipe nei it museum sitte in pear gemiene lytse ferkearshebbels, op de twadde dêrfan skrikt Lione wekker. 'Wy binne der, sjoch ik. Moai sa.'

'Ik tocht, lit him mar sliepe,' seit Coulein.

'Ja man, dat ha je soms even nedich, no?' laket Lione. Hy sjocht mei belangstelling om him hinne. 'It ljocht is prach-tich sa. Fel, mar dochs net te. Hasto ek wat te iten? Ik bin roppich!'

Stikem skodhollet Coulein. It klinkt as in hiele oare persoan dy't neist him sit. Underweis hat er fan de Ketelbrêge oant It Hearrenfean mei it smoar yn fjouwer kear in telefoanyske oprop mei it Hilversumske netnûmer 035 fuortdrukt. Hy sil der grif net populêrder op wurden wêze by de regisseur fan it tv-programma, mar it is net oars. 'Aanst mar even wer-ombelje,' mompelet er, as er syn telefoan út de automatyske oplader krijt.

Paolo Lione stap út de auto en bekroadet him net om syn koffer, inkelde it pakketsje op de achterbank tilt er mei soarch nei de yngong fan it museum. Anton Coulein knoffelet mei de koffer oer it grintpaad foar it museum. It stiet moai, mar echt funksjoneel is it net mei in rôljend objekt achter je oan. Even letter sitte se yn it restaurant. Der binne noch in pear besikers. De kant dêr't de tentoanstelling fan Lione wêze sil is ticht, mar de oare kant fan it museum is gewoan iepen. Nimmen fan de meast wat âldere kofjedrinkers liket de beide manlju te kennen.

'Sil ik in broadsje mei Jambon de Bosses litte komme?' freget Coulein.

It is foar it earst dat Lione ferheard sjocht. 'Lekker!'

Coulein hat syn húswurk goed dien. Lione is gek op de Italjaanske ham dy't op 1600 meter hichte drûget yn de streek Valle d'Aosta, dat 'It dak fan Europa' neamd wurdt. It leit flak by de Mont Blanc, dy't de measte minsken as de heechste berch fan Europa beskôgje. Dat is net terjochte, want yn it Europeeske diel fan de Kaukasus leit de útdôve fulkaan Elbroes en dy is mei syn 5642 meter nochal wat heger as de 4808 fan de Mont Blanc.

'Ik moat even in pear telefoantsjes dwaan,' seit Coulein tsjin Lione, as ien fan de meiwurkers him syn broadsje ham mei in pear stikjes Fontina-tsiis brocht hat.

'Sis mar dat se moarn wolkom binne by de iepening, dan bin ik wol beskikber foar in petear,' seit Lione, dy't wol troch hat wa't Coulein belje sil.

'Ik tink net dat se hjir hielendal hinne komme. Fryslân is foar harren folle fierder fuort as Amsterdam foar ús.'

'Sels witte, ik ha oars in primeur by my,' seit Lione en knikt nei it yn papier bewuolle pakket. 'Hjoed makke!'

'O, dat is geweldich! Soe ik meie witte...'

'Moarn. No net,' ûnderbrekt Lione wreed.

2

Anton Coulein wurdt wekker mei barstende pineholle. Hy sjocht op it skerm fan syn telefoan dy't op syn nachtkastje oan de lader leit. 04.12. Dat betsjut dat er krekt trije oerkes plat leit. Hy is midden yn de nacht mar net mear nei hûs riden, mar yn itselde hotel bleaun dêr't er Paolo Lione brocht hat nei ien fan de meast yntinsive en frustrearjende middeis yn syn karriêre as konservator. Neat fan de display dat in wike earder noch goed wie, koe de tipelsinnige Italjaan noch bekoare. Gjin inkeld doek dat Lione earder mei soarch op in bepaald hoekje delsetten hie, stiet noch op itselde plak. Coulein en syn tiim ha sels ûnderfûn hoe dwers, koart en lomp se troch Lione alle kanten op stjoerd binne en werklik alle fasetten fan de tentoanstelling opnij ynrjochtsje moasten. Op in gegeven momint wie ien fan de meiwurkers der wanhopich fan en frege oan de Italjaan wêrom alles oars moast.

'Dat silst aanst sjen,' wie it antwurd.

Pas doe't de klok healwei ienen nachts oanjoech, wie it de keunstner nei it sin. As lêste hanneling krige er it pakket en helle it papier derom wei. Mei soarch hong er it doek op de meast prominente wand fan de tentoanstelling, mar foar Coulein en syn meiwurkers wie der noch neat te sjen. Alles bleau ferburgen troch in stik stof dat it meast op jute like.

'Dit wurdt sa neat,' grommelet Coulein. It is 04.17 en syn holle wurdt konstant besketten troch in mitrailleur, sa fielt it. Hy sjit syn lange broek oan en strûpt him yn it boesgroen dat er op de stoel fan de hotelkeamer delhongen hat. Hy krijt it paske dêr't er de doar mei iependwaan kin en rint troch de stille gongen nei de resepsje. De nachtpoortier dy't him in pear

oeren earder in keamer jûn hat, sjocht him oankommen en leit in tsjok boek oan kant. 'Wat kin ik foar jo dwaan?'

'Hasto ek in pear paracetamols foar my? Myn kop barst sawat.'

'Jawis, momintsje. Gean dêr mar even sitten.' Coulein jout him del yn ien fan de okerkleurige fauteuils yn de lobby. De jongeman komt even letter mei twa pillen op in skaaltsje en in glês wetter nei him ta. Coulein sjocht fernuvere. 'Tanke-wol, wat in service.'

'Ik tink dat jo daliks mar even mei my meirinne moatte,' seit de portier riedseleftich.

'Hoe no?'

'Kom mar mei,' seit de meiwurker as Coulein de paracetamols trochslokt hat. Tegearre rinne se nei de bar en dêr sit in besiker op ien fan de fraaie mei lear beklaaide krukken. Paolo Leone. Foar him stiet in lege flesse dêr't sechstjin jier âlde Bushmills single malt Ierske whisky yn sitten hat. Hy sjocht de beide mannen net oankommen, mar sjongt mei in soad oerjefte it Slavekoar út de opera Nabucco van Giuseppe Verdi.

Va, pensiero, sull'ali dorate

Va, ti posa sui clivi, sui colli

Ove olezzano tepide e molli

L'aure dolci del suolo natal!

'Hoefolle siet der yn dy flesse?' freget Coulein sêft oan de nachtportier.

'Dizze stiet ûnder de toanbank foar spesjale gefallen. Normal skinke wy hjir net whisky fan 80 euro de flesse.'

'Hy wie fol, dus?'

De nachtportier knikt.

Coulein syn pineholle wol net echt opknappe by it oansicht fan de stomdronken Italjaanske keunstner fan wa't oer tolve oeren in tentoanstelling iepene wurde sil.

*Arpa d'or dei fatidici vati
Perché muta dal salice pendi?
Le memorie nel petto raccendi
Ci favella del tempo che fu*

'Sjonge kin er wol,' seit de nachtportier drûch. 'Jo rêde dermei?' Coulein knikt en rint nei de Italjaan, dy't him oansjocht as seach er him foar it earst. 'It is sawat healwei fiven, de bar is ticht,' seit Coulein.

'Okee, d.dd.dan moat ik op bêd,' seit Paolo Lione. Hy skoot fan de kruk, mar is sa lamlazarus dat er daliks as in plum-pudding ynelkoar sakket en oer de flier falt. Mei help fan de nachtportier slagget it om him nei syn keamer te tillen, dy't lokkich net al te fier de gong op is. De nachtportier hat in loper by him, want it is Lione net oan it ferstân te bringen dat er syn paske opsykje moat. Mei feriene krêften lizze se him mei klean en al op bêd.

'Dit is geweldig, ik hoech sels net iens te rinnen,' laket er, om dêrnei it lêste stik fan it Slavekoar yn te setten.

*O simile di Sòlima ai fati
Traggi un suono di crudo lamento
O t'ispiri il Signore un concerto
Che ne infonda al patire virtù*

Coulein en syn helper sjogge elkoar oan en skodholje. 'Lit him mar gewurde, ik hâld it wol yn de gaten,' seit de hotelmeiwurker. 'Tankewol, ik sil besykje om noch even te sliepen,' seit Coulein as se de doar tichtdien ha. Lione sjongt it